
A.IJ. van den Berg

As it om de kwaliteit fan 'e folling giet

Harry Mulisch, dy't alle jierren frege wurdt oft hy teloarsteld is de Nobelpriis wer net wûn te hawwen, hat ris grutte skea tabrocht oan myn leafde foar literatuer. Dat kaam troch in nuveraardige útspraak fan him yn in televyzje-interview, lang lyn, doe't ik noch net wist datst skriuwers net besjen moast, mar lêze.

Hy sei doe dat wannear't hy in roman lies fan in oar, it ferhaal him noait sa ynteressearre. Mulisch seach inkeld nei hoe't de ferhaalline oanklaaid wie; wêrmei't de pagina's no krekt opfold wiene.

Dizze ûnferwachte blik yn 'e wurkskuorre fan de auteur liet my doe yn ien kear tefolle sjen. Oant dat momint hie ik nammentlik oprjocht it idee hân dat alle wurden yn in boek like hillich binne. En dat in auteur inkeld dy wurden brûke soe dy't needsaaklik wiene om it ferhaal aveseanje te litten.

Letter lies ik by Koos van Zomeren dat it dochs krekt wat oars sit. Net alle auteurs wurkje op deselde manier. Net eltsenien pompt syn mosk manhachtich om mei hjitte lucht om dy sa ta earn te meitsjen.

Je hebt schrijvers die de dingen groter maken en schrijvers die de dingen kleiner maken. Ik geloof niet dat het ene per definitie beter is dan het andere. In beide gevallen wordt door vertekening de juiste maat gezocht.

[Koos van Zomeren, *Wat wil de koe*, oktober 1994]

Van Zomeren neamde himsels dêrby in echte ferlytser, ûnder waans hannen hiele romans fol yntriges skromfelje ta in bysin, yn in kollum.

It duorre noch in skoft foar't ik troch kriich dat lêzers deselde foarkarren hawwe as skriuwers. En dat dy foarkarren bot de wurdearring kleurje kinne fan wat se ûnder eagen krije.

Sa is no wis dat ik fan it kreative en tekenjende detail hâld, en fan skriuwers dy't flot manoeuvrearje yn harren teksten. Ik fyn skriuwers goed dy't in soad

oan 'e ferbylding oerlitte, en my meitinke litte mei it ferhaal. Myn ûngeduld spilet al gau op as in boek rigen oan folsinnen biedt dy't mar om 'e brij hinne draaie. Sokke teksten moatte wol hiel moaie taal bringe, wolle dy boeiend bliuwe.

Ik wit allinne net oft dy foarkar foar de fergrutters of de ferlytters ûnder de skriuwers in oanberne ôfwiking is, of in lettere oanwenst. Yn myn eigen skriuwwurk moat ik altiten in soad filterje, en in dúdlike fokus fêsthâlde. Altiten is der grutte twang út de gaos fan 'e realiteit de meast ferhelderjende details te kiezen, om sa nuttige stikken skriuwe te kinnen. Myn bewûndering foar skriuwers dy't soks goed kinne, is dan ek hiel grut.

Dus bin ik wol ferplichte hjir de ferûntskuldiging te jaan dat ik Durk van der Ploeg min lêze kin. Van der Ploeg is foar my dúdlik in fergrutter. Myn lêstemperamint lient him mar min foar syn soart boeken; al hat er dit mei in soad kollega's gemien; sa as de hjir earder neamde Harry Mulisch. Myn ynstinktive reaksje seit dus ek folslein neat oer de objektive kwaliteiten fan sa'n auteur.

Mar, men hoecht de kwaliteiten fan in skriuwer ek net persoanlik te wurdearjen om dy herkenne te kinnen. En, it is net ferkeard om ris mear dan de normale muoite te dwaan om in boek te lêzen.

IN BEFERZEN MAR

Op himsels is it skande dat myn temperamint my by Van der Ploeg wei hâldt. Der is gjin produktivere romanskriuwer yn it Frysk as Durk van der Ploeg [1930], sjoen nei de ôfrûne jierren. In *beferzen mar* is al wer syn njoggentjinde roman. En allinne dat oantal al, en it sukses fan dy boeken, kin in minske tinke litte wat te missen troch him net te lêzen. En yn potinsje befettet dit boek ek wol de yngrediïnten foar in yntrigearjend ferhaal.

In *beferzen mar* spilet him ôf yn dizze tiid, sa om 2007 hinne, yn it noard-easten fan Fryslân, deun by de Lauwersmar. Yn de leechte dêr hat Lochman Raven him weromlutsen op 'e pleats fan syn heit.

Lochman is in man fan ein fjirtich, dy't dochs al fan in pensjoen genietet. Hy wie oait beropsmilitêr. As it boek úteinset, docht hy noch wolris in hântaast foar Steatsboskbehear en skarrelet sa wat troch de dagen hinne.

Hy is allinne, mei noch wat bisten, sa as hynders. Syn frou rûn by him wei. Syn heit is in pear jier lyn ferstoarn en de mem rekke al wei doe't hy noch in jonkje wie fan in jier of sân.

As it winter wurdt, komt der dan op in jûn ynienen in man oan 'e doar, dy't hawwe wol Lochmans jongere broer Treves te wêzen. En dizze Treves sit mei in protte fragen oer it ferline. Want hy waard as pop adoptearre, bedarre yn Hollân en siket no opheldering wêrom't er by syn heit en dy wei moast.

Treves oernachtet by Lochman.

En sa hat Durk van der Ploeg in boek dat dochs mei faasje begûn al nei tweintich siden folslein ta stilstân brocht en dêrby de hiele yntriizje sels werombrocht ta ien punt. Hy hat twa manlju by elkoar set yn in isolearre pleatske. Twa bruorren, dy't elkoar net kenne, en beide sa harren problemen hawwe. Van der Ploeg hint bygelyks hieltiten nei in oarlochstrauma by Lochman. En dy twa sille no mei inoar prate moatte. Wylst dat praten beide net al te bêst ôfgiet.

Eefkes spike learde my doe dat sy dit muoisume petear miskien wol twa hûndert siden folhâlde moasten.

En op himsels seit soks fansels neat. Der binne boeken genôch, fral út de njoggentjinde en it begjin fan de tweintichste ieu, dy't op sa'n manier úteinsette. Allinne gebeurt dat dan meastentiids om in ramtfertelling mooglik te meitsjen. Ien fan 'e personaazjes nimt dan it wurd om in ferhaal te fertellen dat him hiel earne oars ôfspilet. Om sa by Dokkum om dochs in soad te sizzen oer it haadferhaal.

Van der Ploeg neilet dy beide manlju lykwols fêst yn 'e benaudens fan dat isolearre pleatske. No goed, se geane ek wolris nei bûten, of nei de winkel ta. En hy beskriuwt sels in stapjûntsje yn in grutte stêd. Dochts bliuwt dit boek fokust op ien punt, wurdt der in hast stilsteand ferhaal ferteld.

Hoe slagge it Van der Ploeg dan om de pagina's te foljen? Dat koe hy allinne troch it ferhaal oan te klaaien mei alderhanne details – der steane in soad natuerbeskriuwings yn it boek – en de hannelingen fan syn personaazjes enoarm út te fergrutsjen. Sa jout de skriuwer net allinne de tinnen wer fan Lochman, mar ek it muoisume formulearjen fan dizze gedachten. En, hoewol't de setting him dus al lient om de manlju allerhanne ferhalen út harren libben fertelle te litten, lit de auteur harren no krekt hieltiten saken ferswiije. Prate se wol, dan komme sy iderkear wer op deselde ûnderwerpen werom.

Frjemd is dat inkeld oer de heit fan de personaazjes sa mear dúdlik wurdt. Allinne is dat no krekt in man by wa't it net in plezier is om dêr better mei yn 'e kunde te kommen.

Troch foar dizze oanpak te kiezen, lei Van der Ploeg ek de útkomst fan dit boek al hiel betiid fêst. Want, wat is it ienige logyske ein fan in stammerjend petear? Dat is dat de personaazjes it by eintsjebeslút net langer pratende hâlde kinne. Sit de ferrassing inkeld noch yn 'e manier wêrop't de stimmen ferstomme, of ien derfan staakt.

Dit boek krige in sentiminteel ein. Hawar, dat is no ris in miening oer it boek fan my, en gjin feit. Ik fyn it no ien kear altiten wat in swaktebod fan in skriuwer as dy de dea nedich hat om in ferhaal ta in ein te bringen, sa as yn dizze roman bart. Ik haw der neat op tsjin om troch in skriuwer yn myn emoasjes manipulearre te wurden, mar as dat sa grof gebeurt, fielt it ek fuortendaliks as manipulaasje. En dat moat no krekt net.

Mar soe ik myn reaksje op *In beferzen mar* yn ien sin gearfetsje moatte, dan is dy: Van der Ploeg joech my as lêzer lang net genôch te dwaan yn dizze roman. Dat makke it boek ferfelend foar my.

HOE FERTELT DE FERTELLER?

Om dit opstel skriuwe te kinnen, haw ik aardich wat om Durk van der Ploeg hinne lêzen. Sjoen wat Jabik Veenbaas alwer oer him skreau yn 'e bûndel *De lêzer is in duvel*, of wat der stie yn it jubileumboek *Dreams fan in oare wrâld*. En yn sokke kritiken wurdt hast altiten Van der Ploeg syn fertelkrêft priizge, en syn rike en oe sa geve idioom. Mar net ien hat it oer de swierrichheid dy't ik no krekt ha mei in roman as dizze.

Ik betwivelje earlik sein of Durk van der Ploeg no wol sa'n bysûnder goed ferteller is. Wat ik oant no ta fan him lêzen ha, hie altiten ien nuvere kwaliteit, dy't ik inkeld benei komme kin troch in fergeliking te jaan.

Der bestiet in grut ferskil tusken it hearren fan in tekst, en it lêzen fan in tekst. De bêste redes, preken, en kolleezjes binne op papier nammentlik faak opfallend saae stikken om te lêzen, dy't dan fol mei deadwaners steane. Krekt oarsom sil it gjin publyk langer as in minút boeie as ien de folsinnen fan in typyske skriuwtekst foarlêst.

By Van der Ploeg syn romans liket it hieltiten oft ik transkripsjes lêse fan in oan in publyk ferteld ferhaal. It is krekt oft hy mar in part fan de techniken machtich is dy't skriuwers brûke om in ferhaal spanning te jaan. Syn manier fan wurkjen twingt op in hiel oare manier. Troch hast alles te beneamen en troch hieltiten wiidweidige beskriuwings te jaan, liket it oft er sa in harkjend publyk tinke litte wol dat se der yn persoan by binne. Dat yn in roman as *In beferzen mar* in soad skynbere werhellings stean, kin ik ek earder út suksesfolle mûnlinge kommunikaasje as út de skriuwerij.

Dus steane der te folle wurden op de siden dy't it lêzen mar behinderje. Want lêzers hawwe safolle direkte ynformaasje net nedich. Lêzers moatte no krekt prikkele wurde mei nije ûntjouwings, en hieltiten nije fragen oanrikt krije dy't nijsgjirrich meitsje nei hoe't it fierder giet. Sels auteurs dy't harren ferhaal fergruitsje om sa de wierheid it tichtst benei te kommen, kinne net om sa'n elemintêre skriuwwet hinne. As de folling de kwaliteit fan it boek foar sa'n grut part bepaalt, dan moat dy folling fan grutte kwaliteit wêze. Dat is mei boeken net oars as mei banketstaven, of neam de delikatesse mar op.

DURK VAN DER PLOEG

In beferzen mar

Frieze Pers Boekerij, Ljouwert 2009